

Amsterdam, 2014.

Tony,

It is al wer in skoftsje lyn dat wy elkoar sprutsen. It muoit my noch altiten datst op 'e ein net in plakje hiest dat dy paste. Doe't wy dêr jierren foar dy tiid wolris oer praten, miendesto dat it wol goed komme soe, in menistehûs hiest yn 't sin. Hoe't wy, do prefester en ik studint, sa fier kaamen dat wy dit soarte fan persoanlike saken mei elkoar bepraten is in lang ferhaal. Der is neat mis mei dyn onthâld, mar ik soe gra' efkes werom gean yn 'e tiid.

Ik, berne en opwoeksen yn it Frysk om utens, koe al Frysk prate en lêze, mar net skriuwe. Bryfkes oan ús heitendy moasten dêrom yn it Hollânsk. Dat sinnige my net. Dat, yn 1980 oan 'e VU oankommen as studint pedagogyk, ik der fuortendaliks op los nei de ôfdieling Frysk om te freegjen at ik Frysk skriuwen leare koe. Sa kamen wy mei inoar yn 'e kunde. Nei in jier fregen doe-noch-jo my nei ôfrin fan in kolleezje at jo my sprekke koenen. Ik tocht 'hearekenhitsu, der sil dochs neat mis wêze?' It wie it begjin fan in 6 jier lange yntensive gearwurking en, wichtiger noch, in libbenslange freonskip. Ik waard studintassistint by it ZWO-ûndersyk nei útspraakferoarings yn it Frysk ûnder ynfloed fan it Hollânsk. Jo waarden do. In grut part fan it ûndersyk bestie út petearen mei trije generaasjes yn 'e omkriten fan Grou. It wie gjin sinekuere om de respondinten te finen. Do hiest dy minsken fûn op 'e fyts by de doarren lâns. Dat typearre dy, gjin kapsones, mei passy, earnst, in oanhâlder, net bang fan wurk, en gjin put dy te min. "Sa'n Frysk pratende frou op 'e fyts yn in giele reinjas, dy koe men dochs neat wegerje. En dan ek noch in prefester, soe 'k tinke!", sa't ien fan de dielnimmers sei. Dat wie krekt de reaksje dêrst op út wiest. At se tasein hienen moast ik derhinne, ek op 'e fyts, mei de bânrecorder yn 'e fytstas, foar petearen yn it Frysk.

Jûns bliuw ik dan yn Grou, en om sinten te sparjen mocht ik dyn hûs brûke. Guon tiden wiesto ek thús. Dat wie wakker noflik. We ha wat ôflake. En laitsje koeste! It iten kin ik my net heuge (ik ha dêr oaren wolris oer heard, soe ik it ferkrongen ha?), de petearen al. Oer fan alles en noch wat. 'Koetjes en kalfjes' dêr wiest net fan, it moast earne oer gean. - Hoewolt yn Fryslân kij en kealtjes net ûnbelangryk binne. - Faak hiest in útsprutsen miening, mar likefaak wifeleste en wieste op syk nei de achterkânt fan it gelyk. Dat wie net sa at it oer persoanen gie, dêr wiest in strang oardieler, tuskenbeide wie net safolle. Dat trof benammen kollega's fan 'e VU en oare wittenskippers, minsken út it Fryske fermidden, en politisy. Yn it, faak publike, debat makkeste yn it fjoer fan de striid faker gjin ûnderskie tusken de man en de bal. Der siet gjin kweade yntinsje by, it wie foar de goeie saak. Dat sil net elkenien sa field en begrepen ha. En do fan de oare kant krekt like min. It joech net allinich oaren mar ek dysels aardich wat argewaasje. Sa slim dast besluten hiest om jûns de post net mear iepen te meitsjen en nei achten de tillefoan net mear te beantwurdzjen, oars koest der net fan sliepe. Ik bin der net wis fan at minsken, benammen dyn 'tsjinstanners', yn 'e rekken hienen hoe bot dizze kwesjes oan dyn siel frieten. Wêrtrochste sa'n strider wurden bist wit ik eins net. Ut de ferhalen blykt dat dat gedrach al datearret út dyn jeugd. Dat dêr kin ik allinne mar oer spekularje: op jonge leeftyd ferhuzing nei de Wieringermar, pionearje, mem ier ferstoarn, de wrâldkriich, yntelliginte frou fan 'e pleats yn mannetiid en unifersitêr fermidden, Lit ik dat mar net dwaan, spekularje, it bringt neat.

Do wiest fan de feiten, en at alles kloppe, doogde it net. Yn retrospektyf hast dyn hiele libben dwaande west om in plak te skeppen dat dy paste. Warber en kwetsber. Mei humor. Net út op persoanlik gewin, mar draun troch dyn byld fan de goeie saak, dyn rjochtfeardige wrâld. Dêr't elkenien syn memmetaal prate mocht, de rigels foar elkenien earlik tapast waarden, elkenien deselde rjochten hie, mar ek de plichten. Do fûnst dast dêr in bydrage oan leverje moast én koest. Dat kinnen is wichtich. Ik ha noait murken dast der oan twifelste dast dat koeste. By alle twifel dyst hieste; net oan dyn eigen kinnen. Selsbetrouwen, in moai geskink, fan jim heit tinkt my. En betrouwen jaan oan oaren. Oanslute by wat minsken kinne en net by wat se binne, of miene te wêzen. Dat wie dyn styl. Dêr hast in soad mei losmakke en yn beweging krigen. Beweging dêr gie

it om. Ast noch wat mear sjoege hân hiest fan bestjoerlike mechanismes, en wat minder nayf west hiest, hie dyn ynspanning wis noch mear seadden oan 'e dyk set. Mar ach, it wie net sa. En dyselde naïvens hat der grif ek foar soarge datst elke striid oangiest. De rillefante en de minder rillefante. Mei in grut en in iepen hert. En in allergy foar it establishment. Net altyd maklik foar oaren. Ek net maklik foar dysels.

Wol maklik te kwetsen troch oaren. Faak rekke. Wêrsto my mei rekke hast? Foar my is de kearn dyn echtens, kleurryk en kleurecht. Tank.

Waarmte,
Irénke